



SWAMY BAMY

(Swami Bami)

In blijspul yn trije bedriuwen

Troch

ANNE TERWISSCHA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SWAMY BAMY – SWAMI BAMI** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANNE TERWISSCHA** en vertaler: **GRIET REITSMA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Claire Helder – âldere frou mei spesjale gaven (v)

Noël Helder – har ynklaauwerige neef (m)

Linda – de ynklaauwerige freondinne fan Noël (v)

Rudolf – de guodlike achterneef fan Claire (m)

Marijke – de nochtere buorfrou (v/m)

Piet – de naïve wykplysje (m/v)

Thérèse – in goede kliïnt fan Claire (v)

Klaas – de loaie postrinder (m/v)

DEKÔR:

It stik spilet him ôf yn 'e húskeamer fan tante Claire. In doar links giet nei de rest fan it hûs. De doar rjochts is de achterdoar. Dizze stiet altyd iepen, of it moat oars oanjûn wêze. Middenfoar stiet in rûne tafel mei in pear stuollen deromhinne. Op 'e tafel stiet in deade plant mei in gieterke derneist en der leit in steapel post. Yn 'e achterwand sit in rût mei gerdinen derfoar. Achter op it toaniel stiet in bank. Dizze is sa delset datst dy der achter ferstopje kinst en net sjoen wurdst troch ien dy't links of rjochts op komt of ien dy't by it rût stiet. Der stiet ek ergens in tillefoan mei in adresboekje derby. Fierdere oanklaaiïng nei eigen ynsjoch.

EARSTE BEDRIUW

(It toaniel is leech. Der wurdt op 'e doar rjochts kloppe.)

NOËL: *(fan achter de kûlizen)* Tante! Tante Claire! *(Der wurdt wer kloppe. Dan it lûd fan in kaai dy't yn it slot stutsen en omdraaid wurdt. Noël en Linda op fia rjochts)* Wa leit der no noch in kaai fan 'e doar ûnder in blompot? Dêr sjogge minsken omers it earst.

LINDA: Och, it sil yn sa'n achterlik doarp as dit wol in gewoante wêze.

NOËL: Dan wolst ek dat der by dy ynbrutsen wurdt.

LINDA: Krekt as wy no dogge, hihhi.

NOËL: Dat is oars. Wy binne famylje. Hearken, wat in donker hol.

LINDA: Ik doch de gerdinen wol even iepen. *(docht it)* Sa, dat is al stikken better.

NOËL: It is midden op 'e dei. Wêrom hat dat âld mins har gerdinen noch ticht?

LINDA: Miskien docht se in knipperke?

NOËL: Dan moatte wy har mar net wekker meitsje. Wy lizze in briefke op 'e tafel dat wy west ha, dan hawwe wy oan ús jierlikse plicht foldien.

LINDA: Ho even, Noël. Net sa hurd.

NOËL: Wat is der?

LINDA: Fynst it hjir net ferskriklik muf rûken?

NOËL: *(rûkt)* Muf, ja. En in bytsje in pislucht. Mar is dat net altyd sa yn in hûs dêr't âlde minsken wenje?

LINDA: Net sa slim as dit. Miskien is der mear te rêden?

NOËL: Wêr tinkst oan?

LINDA: Miskien duorre it knipperke wat langer as in middei.

NOËL: Bedoelst dat se no dea op bêd leit?

LINDA: Dat kin toch? Der binne safolle minsken dy't yn 'e sliep stjerre. Dan lizze se dagen- of wikenlang yn harren hûs foar't ien se fynt.

NOËL: No, lit ús dan mar gau fuortgean.

LINDA: Nee, dat kinne wy net meitsje. As se dea op bêd leit, dan moatte wy de plysje belje.

NOËL: Ik belje se wol as ik hjirwei bin.

LINDA: Nee, wy moatte der earst wis fan wêze dat se yndied dea op bêd leit.

NOËL: Ik bin der frij wis fan. Se hat my net iens belle doe't ik jierdei wie. Lekker rêstich. Moai lizze litte. Ik fyn it sa wol goed.

LINDA: Stel dy net oan, Noël. Toe ju, sjoch even.

NOËL: Ikke? It wie dyn idee. Dochst it mar moai sels.

LINDA: En it is dyn tante. Kom op, dan dogge wy it tegearre.

NOËL: No, fuort dan mar. Allinnich om it hoekje sjen, no? Ik reitsje har net oan. Sjen hat gjin hantsjes.

LINDA: Toe no mar, skytlears. (*Linda en Noël ôf fia links. Marijke op fia rjochts*)

MARIJKE: Joehoe, Claire! Bist thús? Claire? No ja, miskien is se even nei it húske. Dêr sil ik har mar net by steure. (*sjocht de deade plant*) Och heden, dy is my hielendal ûntkommen. (*pakt de gieter en hâldt dy ûnderstboppest*) Even wetter helje. (*rint nei links*) O nee, dat kin ik better thús even dwaan. Ik moat har mar net steure yn har eh.. drokke beuzichheden. Alde minsken kinne sa alderheislikst stjonke. (*Marijke ôf fia rjochts mei gieterke. Noël en Linda op fia links.*)

NOËL: Se is der net. Wy moatte hjir mar gau wei. Takom jier sjogge wy wol wer.

LINDA: Mar Noël, se kin oeral wol lizze.

NOËL: Sykje do mar ast dat sa graach wolst. Ik ha myn plicht dien. Ik skriuw wol in briefke foar tante Claire en dan wol ik hjirwei. (*pakt in pinne*) Papier. Even sjen. (*sjocht de steapel post*) Allemachtich, wat in stapel post.

LINDA: Sjochst wol. Der is wat. Oars hie der net safolle post lein.

NOËL: O ja? En hoe komt dy steapel post dan op 'e tafel? Tinkst dat dy brieven poatsjes krigen ha doe't se troch de brievebus foelen en dat se streekrecht nei de tafel rûn binne om kreas op in steapeltsje lizzen te gean?

LINDA: Doch net sa stom. Ien hat dat dêr dellein fansels.

NOËL: Ja, en nei alle gedachten hat dat tante sels west.

LINDA: Tinkst dat? Soe it net logysker wêze dat dy tante fan dy de post dan ek iepenmakke hie?

NOËL: Wit ik it. Miskien hie se it drok. Even sjen. *(pakt in brief)* Reklame fan *(it is leuk om hjir in lokale ûndernimmer te neamen)* Dêr sit net ien op te wachtsjen. Dat kin ik wol as papier brûke. *(begjint te skriuwen)* 'Leave tante...'

LINDA: Dat leaut se noait fan dy.

NOËL: Help my leaver yn plak fan kommentaar te jaan. *(skriuwt)* 'Leave tante, Linda en ik wiene yn 'e buert...'

LINDA: Wy hawwe der sechstich kilometer foar omriden.

NOËL: Ja, dat is net leauwensweardich. *(ferskuort de brief)* Jammer foar *(namme lokale ûndernimmer. Noël pakt in oar brief. Marijke op fia rjochts mei it gieterke)*

MARIJKE: *(skrikt)* Wa binne jim? Wat moatte jim hjir?

LINDA: Wa binne jo?

MARIJKE: Ik bin Marijke, de buorfrou fan frou Helder. En jimme?

NOËL: Ik bin Noël, de neef fan tante Claire. En dit is Linda, myn freondinne. Jo hawwe ús grif wolris by tante op besite gean sjoen.

MARIJKE: Nee, earlik sein net. Mar it kin fansels sa wêze dat ik dy iene kear krekt even de oare kant út seach.

LINDA: Witte jo wêr't frou Helder is?

MARIJKE: Gjin idee. Ik haw har al moannen net sjoen.

LINDA: *(tsjin Noël)* Sjochst wol? Se leit hjir grif ergens dea.

MARIJKE: O, dat tink ik net, hear.

NOËL: O nee?

MARIJKE: Nee, Claire is gewoan op reis gongen. Nei Tibet.

NOËL: Nei Tibet?

MARIJKE: Ja, se woe op syk nei harsels.

NOËL: O? En wêrom miende se dat se yn Tibet te finen wie?

MARIJKE: Och, do kenst dyn tante. Dy probearret alles út wat alternatyf is. Reiky, hânlêzen, meditaasje...

NOËL: Ja, sa is tante.

MARIJKE: Yoga, aura lêze, takomst foarsizze...

NOËL: O, sa. No ja, as sy dêr no aardichheid oan hat...

MARIJKE: En it smyt fansels in moai poepke jild op.

NOËL: It smyt wat op?

MARIJKE: Ja, wêr soe se har trip nei Tibet oars fan betelje tinkst?
Dat jild komt fan al dy klanten dy't energetysk holpen wurde wolle.

NOËL: Energetysk?

MARIJKE: Ja, wit ik it. Sweverige hokus-pokus. Sels fyn ik it mar flauwekul en ik moat der net folle fan ha, mar salang't se der gjinien kwea mei docht... De minsken yn it doarp freegje geregeld wannear't se wer thúskomt, want se stean om in behanneling te springen. Se is in frou fan oansjen.

LINDA: En sûnt se fuort is hawwe jo neat mear fan har heard?

MARIJKE: Hielendal neat. Mar miskien kin dat ek net fanút Tibet?

NOËL: Unsin. Kinst tsjintwurdich oeral wei belje.

MARIJKE: Och ja, jim as jongelju witte dat fansels better as ik. Hoe binne jim der trouwens yn kommen?

LINDA: De kaai lei ûnder de blompot.

MARIJKE: O ja, fandêr. Dy brûk ik ek altyd as ik de post hjir dellis en de planten wetter jou. *(jout de deade plant dy't op 'e tafel stiet in sleat wetter wylst Noël en Linda nei har sjogge)* Sa, dan kin er der wer in skoftke tsjinoan. Oant sjen, jongelju. Leuk dat ik jim even sjoen ha. Lizze jim de kaai aanst wer even werom?

NOËL: Uteraard. Oant sjen. *(Marijke ôf fia rjochts)*

LINDA: No, *(sjocht nei de plant)* as se mient dat se dy wer libjend krijt, dan hat se likefolle gaven as dyn tante Claire.

NOËL: Ja, no'tst it dêroer hast: wat tinkst dat hjir te rêden is?

LINDA: Wat bedoelst?

NOËL: Tante Claire dy't al in skoft neat fan har hearre litten hat. Is dat net apart?

LINDA: Hoesa? Miskien hat se harsels noch net fûn. Tibet is grut.

NOËL: Meitsje der mar in grapke fan. Ik tink dat der wat oars oan 'e hân is.

LINDA: Wat dan?

NOËL: Tink ris nei. In âld frou, allinnich op reis yn Tibet. Der kin har

fan alles oerkommen wêze. Se kin berôve en fermoarde wêze. Of se kin fan in berchtop fallen wêze wylst se harsels oan it sykjen wie.

LINDA: Moatte wy dan net nei har op syk?

NOËL: Ik tocht it net.

LINDA: Gelokkich mar. Ik soe net witte wêr't wy begjinne moatte. 'Hallo, hawwe jo in âld frou mei in bosk grize krollen, en dy't net al te al te is, sjoen?' Hoe seist dat yn it Tibetaansk?

NOËL: Wy hoege yn elk gefal net mear by har op besite.

LINDA: Ja, allinne noch ien kear om it hûs hielendal leech te heljen, tink ik.

NOËL: Ha, lit Rudolf dat mar dwaan. Tante Claire is toch sa sljocht op har achterneef? Moai putsje foar him. Wy binne hjir klear. Giest mei?

LINDA: Ho, wachtsje ris even.

NOËL: Wat no wer?

LINDA: Stel no dat hjir noch wat weardefols te ervjen falt? Dat feroaret de saak, of net?

NOËL: Wat soest ha wolle dan? In pak Tena Lady's? Of dizze âlde rommel? Wy kinne it ferbrâne, mar dat is sneu foar de houtwjirms.

LINDA: Witst seker dat se gjin kostberheden hat? As ik yn 'e thússoarch ien ding leard ha, dan is it dat dy âlde minsken sa erchtinkend binne dat se alles ferstopje.. Dy hawwe op alle geheime plakjes wat lizzen as apeltsje yn it strie.

NOËL: Dat kin oeral wêze!

LINDA: In sa'n lyts húske? Moatst gewoan witte wêr'tst sykje moatst. Kom Noël. *(Linda en Noël af via links. Rudolf op via rjochts)*

RUDOLF: Hallo? Tante Claire? *(even stil)* Net ien? Mar de doar stiet iepen, dat der moat ien wêze. Ha, ik bin bliid dat se der wer is. Ik ha har mist. Ik bin benijd hoe't se it yn Tibet hân hat. In hiele ûndernimming foar in âld frou, en dan ek noch allinnich. Ik soe it net doarre. *(Thérèse op fia rjochts)*

THÉRÈSE: Claire? Bist wer thús? O, hallo. Rudolf, toch?

RUDOLF: Ja, en ik ken dy ek. Do bist Thérèse.

THÉRÈSE: Do meist my seker kenne. Ik bin fêste klant by dyn tante

Claire. Ik tink dat se oan my it meast fertsjinnet fan elkenien yn it doarp.

RUDOLF: O, mar tante is toch gjin útsûger?

THÉRÈSE: Och heden nee, jong. Dyn tante is har gewicht yn goud wurdich. Se is gewoan fantastysk. Wat sy allegear kin! Ik fiel my sa geweldich as se my behannelet. Se hat my al fan safolle kwaaltsjes ôf holpen. Ekseem, sliepeleasheid, wratten... Doe't ik lêst fan aambeien hie, hat se...

RUDOLF: (*fluch*) Miskien wol ik net alles witte.

THÉRÈSE: Hoe dan ek, dy tante fan dy is in útkomst foar alle klachten. Ik baalde der dan ek fan dat se op reis gong. O, ik gunde it har wol, hear. Mar foar mysels wie it hiel ferfelend. No moat ik mei myn kwaaltsjes nei dokter. En dy man docht fansels ek syn bêst, mar hy fielt my lang sa goed net oan as dyn tante. Dus ik fyts hjir alle dagen lâns om te sjen oft se wer thús is. En hoera, ik seach dat de gerdinen iepen wiene en dat de doar iepen stie. Wêr is se?

RUDOLF: Ik soe it net witte. Ik ha har noch net sjoen.

THÉRÈSE: Miskien is se even nei it húske. (*beide bliuwe in skoftke stilswijend wachtsjen. Se sjogge no en dan nei de doar links*) It is fansels wol sa dat âlde minsken wat mear tiid noadich ha. Witst wat? Ik helje alfêst in boadskiptas foar wat ik allegear fan dyn tante keapje wol. Dan kin sy ûnderwilens op har gemak... no ja, do witst wol.

RUDOLF: Ja, gean mar. Ik wachtsje wol. (*Thérèse ôf fia rjochts*) Moatst ris sjen hoe belangryk ast foar ús bist. Iderien is bliid datst der wer bist. Wêrom moatst sa lang weibliuwe? Wy misse dy. (*Linda en Noël op fia links. Rudolf stiet hjir mei de rêch nei ta*)

LINDA: Ik tink dat wy it mar gewurde litte moatte.

RUDOLF: (*draait him bliid om*) Tante! (*sjocht Linda en Noël*) O, binne jim it.

LINDA: (*sarkastysk*) Ja, sorry foar de teloarstelling.

RUDOLF: Nee, sa bedoel ik it net. Ik miende allinne dat tante Claire der wer wie.

NOËL: Nee, wy binne it mar.

RUDOLF: No ja, it is ek leuk om jim te sjen.

NOËL: Sis Rudolf, do komst geregeld by tante Claire, hin?

RUDOLF: (*grutsk*) Ja, se neamt my faak har favorite neef. O sorry, dat is net leuk foar dy.

NOËL: Dat jout neat. En do bist in áchterneef, hin? Lit ús dat net ferjitte.

RUDOLF: Neef, achterneef. Wat makket it út?

LINDA: No, by de erfenis...

NOËL: (*fluch*) Sis Rudolf, hasto de lêste tiid noch wat fan tante Claire heard?

RUDOLF: Nee, hielendal neat. Mar dat is net sa frjemd, hin? Se woe in skoftke op harsels wêze.

NOËL: Fynsto net dat dat skoftke sa stadichoan al aardich lang begjint te duorjen?

RUDOLF: Dat wit ik net?

NOËL: Hast al neitocht oer de mooglikheid dat der miskien wat mei tante gebeurd is, wêrtroch't se neat mear fan har hearre lit?

RUDOLF: Watte? Bedoelst dat se dea is?

NOËL: Soe kinne, toch?

RUDOLF: Nee! Dat wol my net oan!

NOËL: En wêrom net?

RUDOLF: Omdat... omdat ik it oars witten hie.

NOËL: Mar hoe dan? Deade minsken belje net op om te sizzen dat se der net mear binne. (*tillefoan giet. Noël tilt de hoarn in eintsjes op en leit him fuort wer del*) By wize fan sprekken, dan.

RUDOLF: Ik soe it field ha as se der net mear wêze soe.

LINDA: Besparje my. Noch sa'n sweverich figuer yn 'e famylje.

RUDOLF: Dêr moatst de gek net mei ha.

NOËL: Lústerje Rudolf, no't iderien al sa lang neat mear fan tante heard hat, tink ik dat wy serieuus yn oerwaging nimme moatte dat se net langer mear ûnder ús is.

RUDOLF: Nee! Tante! (*ploft op in stoel en begjint te gûlen. Linda lûkt Noël nei foaren*)

LINDA: Sis Noël, dogge wy hjir wol goed oan?

NOËL: Fansels wol. Hy sil oan it idee wenne moatte.

LINDA: Mar wêrom eins? As wy tante deaferklearje litte, dan giet de

erfenis nei ús. Do bist de folle neef. Hy is mar in achterneef. Jou him wat fan dizze âlde, weardeleaze rommel, dan is er ek tefreden.

NOËL: Do hast gelyk. Der is gjin reden om him oerstjoer te meitsjen. Rudolf?

RUDOLF: Ja?

NOËL: Ik bedoelde it net sa doe't ik sei dat tante dea wie. Neffens my sit se sa bliid as in protter op in berch yn Tibet en ferjit se it gewoan om ús op 'e hichte te bringen.

RUDOLF: Mienst dat?

NOËL: Ja, natuerlik. Oars soesto it toch wol field ha?

RUDOLF: Ja, dat is wier ek. Goh, wat bin ik bliid mei dit nijs. Tante libbet gewoan! (*Rudolf ôf fia rjochts*)

LINDA: Wat in sûch! Kom, Noël. No moatte wy spikers mei koppen slaan. Dy tante fan dy moat deaferklearre wurde. Hoe pakke wy dat oan?

NOËL: Wit ik it. Soks ha 'k noch nooit earder dien.

LINDA: Sykje dan út hoe't soks giet. (*Piet op fia rjochts*)

PIET: Goemiddei. Bist der wer, Claire? Ho, wa binne jim?

LINDA: Dit wurdt ientoanich.

PIET: Ynbrekkers! (*pakt syn hânboeien*) Yn namme fan 'e wet, stean bliuwe!

NOËL: Kalm mar, menear plysje. Wy binne goed folk. Ik bin Noël, de neef fan tante Claire.

PIET: Har neef? Dat kin net. Se hat mar ien neef, seit se. En dy ken ik, want dy komt hjir geregeld. Rudolf. Aardige jonge.

NOËL: Se hat mar ien áchterneef, sil tante Claire bedoele. Rudolf is har áchterneef. Ik bin har iennichste neef.

PIET: Wat dogge jim hjir?

NOËL: Wy? Wy soene by tante Claire op besite. Dat dogge wy wol faker, sjoch.

PIET: Ik ha jim hjir noch nooit sjoen.

NOËL: Dan leauwe jo ús mar net. My makket it net út. As wy der no lâns meie? Tante is net thús, dat wy gean wer fierder.

LINDA: Nee, wachtsje even, Noël. Miskien kin dizze plysjeman ús

helpe. Sjoch, menear plysje...

PIET: Sis mar Piet de Bijl, hear. Ik ken dyn tante hiel goed. Ik bin hjir oates en toates, om it sa mar te sizzen.

LINDA: Wy sitte eins wat oer har yn.

PIET: (*nuodlik*) O ja?

LINDA: Ja, wy hawwe al hiel lang neat mear fan har heard.

PIET: Dat kin. Se is op fakânsje nei Tibet. Of hat se dat net sein?

LINDA: Fansels hat se dat sein. Wat sis ik? Se koe net ophâlde mei dêroer te fertellen. Se siet fol mei plannen. Dat leave minske. Mar spitigernôch hawwe wy no al moannen neat mear fan har heard.

PIET: Ik hie net de yndruk dat se fan doel wie om gau werom te kommen.

LINDA: Mar moannen weibliuwe? Dan hie se toch al lang wat hearre litten moatten? Se wit hoefolle wy fan har hâlde.

PIET: Miskien fynt se it wol even noflik sûnder al dy minsken.

LINDA: Wy sille der net omhinne draaie, menear plysje. Noël en ik tinke dat Claire dea is.

PIET: Watte?

LINDA: It is foar ús de iennichste ferklearring.

PIET: Hjir skrik ik wol fan.

LINDA: Dat snap ik. Foar ús is it ek in grutte skok. Mar wy sille dermei libje moatte.

PIET: Earme Claire. En wat in ferlies foar it doarp.

LINDA: It probleem is allinnich dat it noch net offisjeel is. En foar ús ferwurkingsproses soe it better wêze as wy dit sa gau mooglik ôfslute kinne.

PIET: Ja, dat snap ik.

LINDA: Dus hoe pakke wy dit oan?

PIET: No, as wy nei fiif jier noch neat fan har heard ha...

LINDA: Fiif jier!!!

PIET: Ja, dat is de wet. Wat wolst dan? Dat wy har fan 'e iene op 'e oare dei deaferklearje?

LINDA: Mar it is al moannen lyn dat wy wat fan har heard ha. En foar ús fielt dat al as fiif jier.

PIET: Foar itselde jild komt se anst fleurich binnen huppeljen.

NOËL: Ja, of se leit dea yn in ravyn yn Tibet. Mar hoe komme wy dêr achter? Linda en ik hawwe de mooglikheid net om hiel Tibet ôf te sykjen nei har lichem.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto